

Fraksje ChristenUnie
Oan dhr. L. van der Pol

Ljouwert, 26 jannewaris 2021

Ferstjoerd, 26 JAN. 2021

Ús merkteken : 01840255
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) : Oersjoch ynstellings ûnder Nij Poadium

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer Nij Poadium Fryske Musea

Achte hear Van der Pol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 7 jannewaris 2021, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynliding:

'Yn de brief (nr. 01830168) fan DS oan PS fan 16 des. 2020 is sprake fan in takennen fan in bedrach fan neistenby 700k yn 2021 oan kulturele ynstellings en wurdt oanjûn dat der net mooglikheden binne om binnen it belied fan NIJ POADIUM budzjet frij te meitsjen foar in jierlikse stipe oan in tal musea.

It belied NIJ POADIUM is op 22 jan. 2020 fêststeld. Dit belied mocht rekkenje op in breed draachflak yn it kulturele fjild. Op foarhân wie al dúdlik dat it budzjet foar de musea net grutter wurde soe dan it jierlikse bedrach fan 4,2 miljoen. Nije spelers op de merk soene ek stipe krije út it bedrach foar de musea en dermei wie de kâns grut dat de ta te kennen bedragen lytser útfalle soene dan eartiids.

Nei beoardieling fan de ynbrochte oanfragen die bliken dat it Frysk Museum bûten de beoardieling troch de spesjaal ynstelde kommisje hâlden is. PS wie bij de fêststelling fan NIJ POADIUM op 22 jan 2020 derfan net op de hichte. Út de beäntwurding fan eardere fragen oer dit ûnderwerp die bliken dat in feste subsydzje fan 3 mln. it jier oan it FM in betinkst wie foar de takenning fan in grutte lanlike subsydzje. Derom hie DS dizze útname dien.

Út dyselde beäntwurding wurdt net dúdlik wêrom PS op 22 jan. 2020 net op de hichte brocht waard fan in eventuele útname fan 12 miljoen fan de 16,8 miljoen, dy't foar musea foar fjouwer jier beskikber wie.'

Sûnder PS deroer te ynformearjen en bûten de regels fan Nij Poadium om is dizze 12 miljoen út dit budzjet helle. Dat hie bij de behandeling fan NIJ POADIUM op syn minst in melding wurdich west.

Derneist lykt der ek sprake te wêzen fan in weeffout yn NIJ POADIUM as it giet om it folgjende. Jierliks meitsje de ferskate musea kosten om harren kolleksje yn depot op korrekte wize te ûnderhâlden. Dizze depotfunksje is wichtich om al de stikken dy it Fryske ferhaal fertelle foar de takomst te bewarjen. Dizze depotfunksje is ien fan de basisopjeften fan de musea en hie yn de eardere subsydzjes ek in plak.

Yn de ynformele bijpraatsesje fan de deputearre mei PS is der hoop opsmieten om foar in oplossing te kommen foar it stypjen fan dizze depotfunksje. Dy hoop libbe ek bij de musea en út ynformaasje docht bliken dat hja frege binne om de beswierprosedueres tsjin it eardere beslút fan DS derom oan te hâlden.

Mei namme dizze depotfunksje komt troch de grutte koartings op de jierlikse subsydzjes yn gefaar. Dizze depotfunksje is in opjeft dy't al mienskiplik oppakt, mar dan moat ets museum ak wol de kâns hawwe om deroan mei te beteljen.

Fraach 1:

Kinne jo ús – neist it oersjoch yn jo brief nr. 01830168) fan 16 des. 2020 - in listje takomme litte fan alle ynstellings mei taseine bedragen fan út NIJ POADIUM oer 2021-2024 en mei de noch beskikbere romte?

Antwurd fraach 1:

Yn de taheakke fine jo in oersjoch fan alle ynstellings dy't fanút Nij Poadium subsidearre wurde. It jild dat net bestege wurdt oan de ynstellings, sit benammen yn de ferskillende regelingen, lykas de yn boppeneamde brief neamde regeling Ynnovaasje en Eksperimint, en yn it ko-finansieringsbudzjet. Dêrneist giet in grut bedrach (€ 720.000,- it jier) nei it edukaasjeprogramma KEK. By Erfgoed, ambysje 7, is de regeling foar momuminten, de SUMO mei sa'n € 2,5 miljoen it jier in grutte post. Taal hat de beskikking oer in budzjet foar projektsubsydzjes en opdrachten.

Fraach 2:

Is DS it mei ús iens dat op 22 jan. it byld foar de musea oars wie dan no efternei bliken docht trochdat it FM bûten de ferdieling hâlden is? Werom wol / werom net?

Antwurd fraach 2:

Nee. It is wier dat tidens de beoardielingsronde fan Nij Poadium it byld skerper waard troch de tuskentiidske beoardieling fan de Raad van Cultuur fan de lânlike BIS. Sa as oanjûn yn ús brief oan jo fan septimber foarich jier (01792448), hawwe wy as deputearre steaten oansluting socht by dy positive lanlike beoardieling wêrtroch wy net op it Fries Museum besunige hawwe en de basissubsydzje op itselde nivo bleaun is. Lykwols is it beslút om it Fries Museum op minimaal itselde finansjele nivo te hâlden as de eardere boekjiersubsydzje net in hiele grutte ferrassing te neamen, sjoen de prestaasjes dy't it Fries Museum de ôfrûne jierren boekt hat, en benammen ek de plannen dy't hja foar de takomst hawwe. Wy sille wol yn oarwaging nimme om it Fries Museum bij de nije subsydzjeronde op foarhân in aparte status te jaan as fierwei de grutste spiler yn it Fryske museale fjild.

Fraach 3:

Is DS mei ús fan betinken dat it op syn minst needsaaklik west wie PS op de hichte te bringen fan de útnaam fan dy 12 miljoen foar it FM en fan it effekt wat dat hawwe soe op it ferdielen fan it restearjende bedrach?

Antwurd fraach 3:

Nee. Wy hawwe op 30 juny 2020 de advizen fan de Advyskommisje Musea fêststeld en oernaam. Dy advizen binne mei ynlieding en kontekst opnaam yn it rapport *Adviezen Musea en Kunstinfrastruktuer. Nij Poadium, nije spilers* dat dyselde deis mei in begeliedend brief (nr. 01772519) nei PS stjoerd is. Hjiryn is útlein hoe't de advizen ta stân kaam binne, wat it ramt is wêrbinnen de advyskommisje wurke hat, wat de gefolgen wienen fan it beheinde budzjet en wat de posysje fan it Fries Museum is. Dêrmei hawwe wy PS foldwaande op de hichte steld.

Fraach 4:

Is DS it mei ús iens dat de sketste problematyk rûn de depotfunksje bûten it ramt fan NIJ POADIUM hâlden is en dermei kwalifisearre wurde kin as in weeffout? Werom wol/ werom net?

Antwurd fraach 4:

Binnen Nij Poadium is romte foar it oangean fan de diskusje oer de *kolleksje Fryslân*. Yn dy sin is der gjin sprake fan in weeffout yn de beliedsnota. Wol is it sa dat it wurkjen mei de nije regeling Musea en Kunstinfrastruktuer, de petearen oer de *kolleksje Fryslân* en de depotfunksje wer heger op de agenda kommen is.

Oan de kwestje fan de depotfunksje fan de musea, giet lykwols in mear fûnemintele fraach foarôf, nammentlik: wat is de *kolleksje Fryslân*? Wat fine wy fan sa'n grut belang foar it fertellen fan *it ferhaal fan Fryslân* dat dat foar de generaasjes nei ús, bewarre bleaun wurde moat? En as wy dat definiearre ha, wa is dêr dan ferantwurdlik foar? En dêrnei komt: hoe wolle wy dat dan bewarje en tsjin welke priis?

Mei it Kolleksjesintrum Fryslân hawwe wy al in ynnovatyf mienskiplik depot yn de provinsje: in nije wize fan tinken oer it bewarjen fan museale kolleksjes. Mei oare wurden: it giet hjir net primêr om it oerein hâlden fan yndividuele musea en harren depots, mar oer hoe't wy de mienskiplike kolleksje beskermje kinne en de kennis oer dy kolleksje bewarje kinne.

Oer boppesteande saken binne wy yn petear mei de sektor om noch mear hâldfêst mei elkoar te krijen op it begrip *kolleksje Fryslân*. Yn it ferlingde dêrfan sjogge we ek nei de mear praktyske konsekwinssjes fan de besluten fan Nij Poadium as it giet om it beteljen fan kontribúsje oan it Kolleksjesintrum Fryslân.

Fraach 5:

Wat wol DS oan PS foarlizze om de depotfunksje as basisopjefte fan in part fan de Fryske musea te boargjen?

Antwurd fraach 5:

Wy wolle graach de útkomsten fan de petearen mei de sektor oer de *kolleksje Fryslân* en de depotfunksje mei de steaten diele. As hjir bliken út docht dat de boarging fan essinsjele eleminten fan de kolleksje Fryslân en de depotfunksje tûker organisearre wurde moat, stean wy hjir fansels foar iepen en sille we dit mei PS diele.

Wy hoopje jo hjir foldwaande mei ynformearre te hawwen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Boufús - Riemersma, MBA MCM, sekretaris